

It Fryske tydskrift foar boppeboubern basisskoalle

Tsjil

tema: Power!

Tsjil Tsjekt!

Lêze: Op kamp

Fet âld skip fûn

**SINNEBLOM:
FOL MEI
POWER!**

**TREND:
DE FATBIKE!**

**BAUKE,
NYNKE EN
BRAM:
NIJE STRIP!**

Pianofirtuoas Floris

spilet eltse dei op de piano

1

Jiergong 28
septimber 2024

- 3 Kom fierder**
Power!
- 4 Gedicht**
Kamp
- 5 Net te leauwen**
In echte wrâldreizger
- 6 Sjoch my**
Pianofirtuoas mei humor
- 8 No sa!**
Pake- en beppedei
- 10 Koart ferhaal**
Op Kamp
- 12 Tsjil nijs**
Tsjil Tsjekt! nijs
- 14 Tsjek dit!**
Ynteressante dingen
- 16 Linkke side**
De fatbike
- 17 Der op út**
Sinneblom
- 18 Rap**
Lês der op los
- 19 Puzelside**
Trochstreepuzel en mopkes
- 20 Bauke, Nynke en Bram**
Strip



6



8



16



Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker, Cedin
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra
Foarmjouwing:
Monique Vogelsang
Foto foarkant:
Hoge Noorden (Jacob van Essen)

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X



Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oaanmeide. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útjûn. De digitale ferzy en de byhearrende lesbrief by elk nûmer is te finen op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân. www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Power!

Moai dat jimme yn dit nije skoaljier Tsjil alwer yn hannen hawwe! It tydskrift Tsjil komt dit skoaljier fiif kear út foar groep (6)/7/8. Dêrneist kinne jimme meidwaan oan it programma Tsjil Tsjekt. Dyn juf of master kin in koade oanfreegje en as jimme klasse ynlogd is, kinne jim punten fertsjinje. Wa't oan 'e ein fan it skoaljier de measte pompys fertsjinne hat, want sa hjitte dy punten, mei him de tsjilste klasse fan Fryslân neame en wint in fet skoalreiske.

Tsjil giet dizze kear oer power. Power troch moaie dingen mei-inoar te dwaan, muzyk te meitsjen, foar in oar klearstean, power yn de natoer en gean sa mar troch. Ek fynst in nije strip en de fertroude puzelside dêr'tst in moai boek mei winne kinst.

Wolst Tsjil online lêze of is master of juf op syk nei de lesbrief by dit tydskrift? Sjoch dan op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

In soad lêswille en in moai skoaljier tawinske!

Groetnis,

Tjitske



Tsjil hat no ek posters!

Moai foar yn jim klasse...



Tema's fan Tsjil yn 2024/2025

- **Nei de simmerfakânsje: Power!** wêr krijsto enerzjy fan en hoe kinst enerzjy diële?
- **Nei de hjerstfakânsje: Hoanstje op 'e toer** alles oer it waar
- **Nei de krystfakânsje: Op it each** wat dochst en sjochst yn musea yn Fryslân?
- **Nei de krookjefakânsje: Boartsjend yn beweging** oer sport, spultsjes en boartsjen
- **Nei de maaiefakânsje: Op reis** oer fakânsje, kamp en wettersport

Kamp

Ik lis plat op it liif,
 sssst, súntsjes!
 Bewapene
 mei bûsen fol
 krûp ik stadich foarút.

Pas op!
 bewaker op de gong.
 de Jong,
 fluch, lied him ôf
 brûk munysje.

Drave!!
 Kom gau
 de hoeke om!
 Hjir del!
 Dek my!

Dêr is de doar.
 Klink nei ûnder.

No oplette!
 Foarsichtich iepen dwaan.
 Tsjuster, swit, stapelbêden.

len, twa, trije...

Ljocht oan!
 Fjoer!!!!
 Dûke, jump, jump!
 Sykje dekking
 Kom op, smite!

Raak!

Ja, wûn!
 Suertsjes battle kampioen!



In echte wrâldreizger Dendroica

Yn it Nederlânsk: Rododendroncicade

**Wa fan jimme hat wolris
 op reis west? Fier fuort
 nei it bûtenlân?
 Wat no as ik dy fertel
 dat de wrâld fol sit mei
 wrâldreizgers? Grutte en
 lytse, bisten en planten?**

Ast planten of bisten út it bûtenlân wei meinimst nei hûs, dan rinst de kâns datst in eksoat mei nei hûs nimst. Dat is in plant dy't of bist dat net thús heart yn Fryslân, Nederlân of sels Europa. Sometiden fiele dy planten of bisten harren hjir prima thús en plantsje se harren fuort en ferspriede harren oer it lân. Dat giet net altyd goed, want soms ferdriuwe se de lânseigen soarten; de soarten dy't hjir fan natuere foarkomme. De nijkommers hawwe hjir net altyd natuerlike fijannen en dan kinne se har ûnbehindere fuortplantsje en grutte skea tabringe oan de lânseigen natuer. Dan wurde se ynvasive eksoaten neamd.

In moai foarbyld fan in eksoat is de dendrum (rododendron yn it Nederlânsk). De dendrum is in tûnplant/strûk dy't oarspronklik yn Noard-Amearika foarkomt. In eksoat foar Europa dus. Om 1930 hinne is yn it Feriene Keninkryk de dendroica yntrodusearre en om 1970 hinne is er ek fûn op it fêste lân fan Europa. De larve fan dizze sikade liket op griene blêdlûs en libbet fan de soppen fan de dendrum. En dêr wurdt de plant net daliks better fan sille wy mar sizze... Gelokkich is de dendroica, ek yn it stadium fan larve, net gefaarlik foar de minske.

In folwoeksen dendroica is sa'n 9 mm lang en hat prachtige kleuren!

Fan ûngefear septimber ôf lizze se de aaike yn de nij te foarmjen blomknoppen (dus de blommen foar it oare jier) fan de dendrum. De plant kin hjirtroch oantaast wurde en dat kin derfoar soargje dat der in skimmelynfeksje binnen komme kin. Dy skimmel wurdt meinommen

troch de dendroica. Troch de besmetting kinne de blomknoppen it jier dêrnei net útkomme...

Gelokkich binne hjir natuerlike fijannen fan de dendroica te finen dy't de populaasje ûnder kontrôle hâlde kinne. Dizze fijannen binne ûnder oare gaasmichlarven, rinkevers, slûpwepsen en spinnen. Yn in natuerlike tûn mei in protte bioferskaat kinst dendrum dus goed beskermje en hoechst gjin bestridingsmiddels te brûken tsjin dizze moaie eksoat! In echte wrâldreizger! Sa'n lyts bistje... Net te leauwen dochs!?



Pianofirtuoas mei humor

Floris spilet eltse dei op de piano

De 10-jierrige Floris Rol út De Tike is net samar in muzikant; hy is in echte pianofirtuoas! Tegearre mei syn sus Annemijn (13), dy't fioele spilet, foarmet hy it muzikale duo 'The Rolo's'. Op 4 maaie stiene se tegearre op de nasjonale bernebetinking yn Madurodam, en dizze simmer reizgen se ôf nei Sicilië foar in spannende wedstriid dy't harren in wrâldtoer opsmite kin! 'De earste kear dat The Rolo's ynternasjonaal geane!'

Floris spilet al piano sûnt syn fyfde en komponearret út en troch syn eigen muzyk. Njonken it pianospyljen genietet Floris ek fan fuotbaljen en gamen mei syn klasgenoaten fan De Twirre yn Eastermar. Sy fine it moai dat er muzyk makket, mar binne ek wolris jaloersk omdat Floris soms frijstelling fan skoalle krijt foar in konsert. Gelokkich kinne se dêr goed oer prate en ek prate se graach oer oare dingen lykas fuotbaljen en gamen. Moarns, foardat er nei skoalle giet, oefenet Floris trije kertier klassike muzyk en letter as er út skoalle is, in oere jazz. Hy hat ien kear yn de fjirtjin dagen klassike pianoles yn Grins.



oefenje, oefenje
en nochris
oefenje...

'Ik kombinearje klassyk mei jazz. Foar jazzles reizgje ik ien kear yn 'e moanne nei Amsterdam', fertelt er. Ek syn heit jout him jazzles. Floris moat alles goed planne, want hy moat in soad oefenje foar al dy lessen.

Hy krijt ek les fan Mike Boddé, in muzikant dy't boppedat kabaretier is. De kombinaasje fan muzyk en humor ynspirearret Floris enoarm, en hy oerwaget om sels kabaretier te wurden. 'By Mike is alles frij, ek de humor, en dat is fantastysk,' fertelt er mei in glim om 'e mûle.

Floris blykt ek talint te hawwen foar humor, al mei syn skeane mop net yn dit tydskrift.



Optrede fynt Floris spannend oant er op it podium stiet. 'As ik begjin te spyljen, kom ik hielendal yn 'e flow', seit er entûsjast. 'In konsert jaan fyn ik leuker as konkoers, om't je dan net beoardiele wurde en minsken gewoan genietsje kinne. By in konkoers bliuwt it spannend omdat je punten krije nei de show,' leit er út. 'Ek moatst faak strak yn pak, lykas dizze simmer yn Sicilië, dit kear mocht ik sels gjin sneakers oan!'

Ferline jier hawwe Floris en Annemijn in eigen konsert organisearre mei spesjale gasten. Fanwege grut sukses werhelje se dat takom jier yn de grutte seal fan de Neushoorn. Fierder steane der noch mear moaie konserten op de planning en The Rolo's wolle oer twa jier in cd útbringe.



Jazz is in muzykstyl dêr't in protte by ymprovisearre wurdt. De muzikanten folje de noaten fan de blêdmuzyk krekt net. Se passe al spyljend de noaten de hiele tiid oan. Op dy manier bliuwt in ferske werkenber, mar it klinkt elke kear wat oars.

Fier pake- en beppedei op 6 oktober

Op de earste snein fan oktober, yn 2024 op 6 oktober, fiere we yn Nederlân tenei 'Grootouderdag' oftewol pake- en beppedei. It is in frij nije feestdei mei as doel generaasjes mei-inoar te ferbinen. Yn it hiele lân wurde aktiviteiten opset om de weardefolle bân tusken bern en pakes en beppes te fieren. Op al dy lokaasjes wurde in soad blommen ynset. Sa wurdt it in hiele fleurige dei.



Aktiviteiten

Bern by it Wilhelmina Kinderziekenhuis yn Utert en Partou Berne-opfang sille fleurige blomstikjes meitsje foar pakes en beppes. Ek yn ferskate fersoargingshuzen komme jong en âld byinoar om der in feestlike dei fan te meitsjen.

Festa dei Nonni

Grootouderdag fynt syn oarsprong yn Itaalje en komt út in edukatyf blommeprojekt op basisskoallen, rjochte op pakes en beppes, wei. Dat wie sa'n sukses dat it útgroeide ta in 'eigen' dei foar pakes en beppes. Yn

2005 is Grootouderdag (Festa dei Nonni) offisjeel erkend troch it Italiaanske parlemint en wurdt it jierliks fierd mei blommen. De Stichting Grootouderdag hat de feestlike dei yn Nederlân yntrodusearre en sûnt 2014 wurdt it ek yn Nederlân fierd. Pake- en beppedei wurdt alle jierren populêrder en is sûnt 2021 ferbûn oan de *wike tsjin iensumens*, in inisjatyf fan it Ministearje fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport.

Gesellich op besite

Blommen hawwe de krêft om minsken op fleurige wize mei-inoar te ferbinen. Dat kin mei in geweldich

grut boeket, mar it gebaar sels hat de measte ympakt. Do kinst grif mei in pear blommen in kreative ferrassing meitsje. Set de blommen bygelyks yn in fersierde (kofje)beker. Dat is net allinnich aardich om te dwaan, mar ek om te jaan. En as bonus: pake en beppe tinke alle kearen as se kofje of tee drinke wer oan dy gesellige mominten!

Boekje derby?

Ast dochs by pake en beppe bist, kinst ek fuort wol eefkes in boek derby pakke. Hat pake of beppe noch in moai boek yn de kast stean of silst pake of beppe foarlêze? Miskien kinst fuort de rap fan de lêsmarfoar-wiken eefkes opfiere (sjoch side 18) of hast al in eigenwiis boek scoort foar de berneboekewike.

Ambassadeur

Gerda Havertong, ûnder oare bekend fan Sesamstraat, is ambassadeur fan de Grootouderdag: 'It is hiel belangryk dat jong en âld nei inoar omsjogge. Wy kinne bern safolle mei jaan en leare. Oarsom krije wy der ek in soad foar werom. Mei it ferbinen fan generaasjes

kinne we de wrâld wer sosjaler en moaier meitsje. Ik nûgje elkenien út om yn aksje te kommen! As pake en beppe fit genôch binne kinst ek mei se op stap fansels. Tink mar ris oan in kultureel útstapke mei de aksje *Help pake en beppe de vakantie door* of *Kom in de kas*.

Fragen nei it lêzen

1. Bepaat mei dyn skoudermaatsje, yn jim groepke of mei de hiele klasse:
a. Wat fynst derfan dat der in nasjonale pake- en beppedei is? Wêrom fynst it wol of net belangryk?

b. Wat dogge jim op skoalle mei of foar âldere minsken?

4. Wat soest sels dwaan kinne mei of foar immen dy't wolris of faak iensum is? Skriuw hjirûnder in pear dingen op.

2. Hoe hjit de grootouderdag yn Italië? Skriuw dyn antwurd hjirûnder.

5. Hasto ek tips foar bern of folwoeksenen dy't harren wolris iensum fiele? Wat kinst der tsjin dwaan?

3. Wat soarget foar fleurichheid en hat, neffens de tekst, de krêft om te ferbinen?

6. Meitsje hjirûnder in haiku foar pake of beppe, heit of mem. In haiku is in koart gedichtje fan trije rigels mei 17 wurdliiden (lettergrepen). Earst fiif, dan sân en dan wer fiif. In haiku komt fan oarsprong út Japan.



'De boat leit der all!' ropt Wout. 'Yes!' ropt Tom. 'We farre mei 'De Sier' dêr kinst lekkere sausizebroadsjes en patat score.'

Mei de oaren út groep 8 parkeare se harren fytsen efkes letter op it dek fan de boat nei it Amelân.

Wout soarget dat er de fyts tichtby dy fan Maren delset.

Maren sjocht der hjoed wer geweldich út. Se draacht in koart swart truike en in koarte spikerbroek.

'Kom, wêr wachtetst op?' freget Tom. 'Wat earder we ûnder binne, wat earder we dat sausizebroadsje hawwe. Oars stiet der daliks in rij.

'Sille we freegje oft se mei gean?' Wout knikt yn de rjochting fan Maren en Saskia.

Tom sjocht him fernuvere oan. Dan laket er. 'Aha, do wolst leaver mei Saskia in patatsje dwaan. Snap ik, snap ik.'

Noch foardat Wout wat sizze, kin ropt Tom; 'Hey dames, wy geane om in broadsje of patatsje, geane jimme mei?'

Saskia en Maren gibelje. 'Wy bliuwe hjir boppe op it dek. Mar meist ús altyd traktearje ast dat wolst.' seit Saskia.

Efkes letter sit Wout op it dek, njonken Saskia. Tom sit njonken Maren en fertelt it iene wylde ferhaal nei it oare.

Wout hat besocht him te fertellen dat hy eins neist Maren sitte wol. Hy doarde it net. Skytbroek dy't er is. No sit er neist Saskia.

Saskia hat it bakje patat hast leech. Se wappert mei har hier. 'Wolst myn nije bikini sjen?' freget se Wout. Se wachtet syn antwurd net ôf mar springt op. Se lûkt har shirt út en dêr stiet se yn har felrôse glittertopke, krekt wat te tichtby him. Wout fersjit fan kleur en sjocht gau de oare kant út. 'Hiel moai.' prevelet Wout.

Tom jout him in knypeach en stekt de tomme omheech.

Maren lûkt allinne de eachbrauwen op. Gelokkich binne se der hast.

'Waaaaah!' mei in soad leven draaft Tom nei de see. Hy hat Maren yn 'e earms en smyt har mei in plons it kâlde seewetter yn.

Ferwachtingsfol sjocht Saskia nei Wout. Wout suchtet. Hy skept wetter mei de hannen en spat Saskia wiet. Mei in teätrale gjalp draaft Saskia it wetter út. 'ieieieie!' ropt se.

Maren komt prústend de see útrinnen. 'Ik gean op de handoek lizzen.' seit se.

'O, ik gean mei dy mei!' ropt Tom dalik. 'Sil ik dyn rêch ynsmarre?'

'Oe, ynsmarre, dêr bin ik hiel goed yn' seit Saskia bliid. 'Kom Wout, ik doch dyn rêch wol.'

It is jûns. De hiele dei hat Wout njonken Saskia fytst of sitten. En Tom neist Maren.

En Tom mar knypeachje, tommen omheech dwaan en gnize. Wout is der suver mei oan.

It skoaljier is amper begûn en hy hat it no al ferprutst. Dalik wol Saskia ek noch tútsje. Blèèh, hy moat der net oan tinke.

No is der disko. Kleurde ljochten flitse. Maren hat in koart jurkje oan en beweecht linich op de dûnsflier. Saskia hat in koart topke oan en showt har bodyglitter oan elkenien.

'Daliks krije we in slow nûmer.' seit Tom. 'Bist der klear foar?'

Moatst der by wêze, want ik hearde krekt Daan al sizzen dat Saskia jûn fan him is.

'No witst.' seit Wout. 'Ik fyn eins...'

'Slow muzyk!' ropt Tom.

Hy draaft de dûnsflier op en freget Maren om in dûns.

Wout sjocht Saskia sykjen. Hy draait him gau om en dûkt wei efter in muorke. Hy komt der pas efterwei as hy sjocht dat Daan mei Saskia dûnset.

Hy doart net nei Tom en Maren te sjen. Hy knypt syn plestik beker plat en lit him op it muorke sakje.

Der folget noch in slow nûmer.

Hoi,' seit Maren. 'Wêrom sitsto hjir sa allinnich.'

Wout syn holle sjit omheech. 'O.' stammeret Wout, 'Ik woe mei ien dûnsje, mar in oar wie my foar', seit er.

Maren sjocht nei Saskia en Daan, dy't stiif tsjin inoar oan dûnsje.

'Ik tink net dat Daan har noch los lit', knikt Maren.

Wout sjocht nei de grûn. 'Ik bedoelde eins net Saskia.' flûsteret er. 'Ik bedoelde dy.'

Maren sjocht him ferheard oan. 'My?' freget se.

'Mar do hast de hiele dei neat tsjin my sein.'

Wout lûkt oan de skouders. Hy sjocht noch hieltyd nei de grûn.

'No wêr wachtetst op dan', seit Maren.

'Aanst binne de slow nûmers foarby.' Se pakt Wout by de hân en lûkt him de dûnsflier op.

'Haw ik gelok', seit Maren. 'Ik wie al bang dat ik it hiele skoaljier oan Tom fêstsitte soe.'

En dat allinne mar om ticht by dy te wêzen.'



Fragen nei it lêzen

1. Kleurje de rûntsjes foar de wurden dy't yn dit ferhaal foarkomme.

- truike
- krûpke
- patatsje
- loft
- suertsje
- dûnsflier

3. Hokker muzyknûmer soesto kieze om op kamp op te dûnsjen of by it kampfoer te sjongen?

2. Hasto alris op kamp west? Wat fûnst derfan om in pear dagen en nachten mei in groep fuort te wêzen? Of ast noch nea op kamp west hast, wat ferwachtetst der dan fan? Fertel it oan dyn skoudermaatsje of bepraat it yn jimme groepke.

Fleanende dinosaurus

Yn Australië ha wittenskippers resten fûn fan in fleanende dinosaurus. It giet om in nij soarte fan Pterosauriër dy't sa'n 100.000.000 (= 100 miljoen) jier lyn libbe. It wie in echte knaap: fan it iene flerkein oant it oare: 4,6 meter. Gjin fan de grutste fûgels op de ierde fan no komt dêr ek noch mar oan ta. De Grutte Albatros komt oan 3,6 meter. De wittenskiplike namme fan dizze nije pterosauriër: Haliskia peterseni. Dat lêste stikje fan namme komt fan Kevin Petersen dy't it fossyl fûn hat.



Twa grutte passazjiersfleantugen

As twa fleantugen gefaarlik ticht byinoar komme, neame se dat yn luchtfaarttaal: in airprox. Sa'n airprox wie der yn juny dit jier op de luchthaven fan Mumbai (India). Op in filmke kinst sjen hoe't in lânjend fleantúch hiel ticht by in fuortgeand fleantúch komt. Se brûke deselde startbaan. It is allegearre goed ôfrûn, mar it hie ek hiel oars ôfrinne kind.



Film oer de Noardsee

Peter van Rodijnen hat in film makke oer de Noardsee. De film hat de titel *De Wilde Noordzee*. Van Rodijnen is dûker en kameraman. Mei syn film wol er it moaie fan de Noardsee en al it libben deryn sjen litte. Hy lit ek sjen hoe't bygelyks de bou fan grutte wynmûneparken grutte skea feroarsaket. It soarget foar kabaal, feroaret seestreaming en hat ynfloed op wyn en delslach. De film sil no earst yn bioskopen en teäters draaie en komt begjin 2025 ek op telefyzje.



Kninepleach by Makkum

Op camping De Holle Poarte yn Makkum ha se in kninepleach. Minsken dy't al langer op de camping komme ha noch nea sa'n soad kninen sjoen as dit jier. Al dy kninen krigen in soad oandacht. It wie sels op Omrop Fryslân.



Geintsje

Fotograaf Miles Astray hat okkerdeis in fotowedstriid wûn. It gong om foto's dy't opsetlik makke binne mei help van AI (artifisjele yntelliginsje). De foto fan Astray hie de titel Flamingone (dat betsjut sokssawat as 'flamingo-fuort'). Fan de sjuery krige er de tredde priis, mar boppedat wûn Astray de publykspriis. Nei dy tiid fertelde Astray dat er de foto gewoan sels makke hie. Dus neat gjin AI. Dat wie bedoeld as in grap fan Astray om't hy sjoen hie dat by gewoane fotowedstriden de fotografen faak ek yn 't genyp AI brûkten. Astray tocht 'dan sil ik se krije, want dan doch ik it oarsom'. It hat de fotograaf in soad publisiteit opsmitten.



Pistoalgarnaal

Oan de kust fan de provinsje Seelân ha se yn de Noardsee in nije bistesoarte foar Nederlân fûn. It giet om de Oranje Pistoalgarnaal. It bistje heart by de kreefteftigen en kaam earst net noardliker as It Kanaal. Mar no is dit bistje dan ek yn de Noardsee by ús lân fûn. Hoewol it op syn heechst 3,5 sintimeter lang wurdt, kin er mei syn poatsje in knallend lûd meitsje dat somtiden op in kilometer heard wurde kin.



Fet âld skip fûn

Sa'n 100 kilometer út de kust fan Israël is it wreck fûn fan in skip dat 3300 jier lyn sonken is. Nea earder is sa'n âld skip sa fier út de kust fûn, sizze Israelyske ûndersikers. Se tochten dat minsken doe hieltyd de kust yn it each hâlde woene. It skip leit 1800 meter djip. It wie sa'n trettjin meter lang en yn en by it wreck lizze hûnderten ierdewurken krûken. Dy binne mooglik makke troch de Kanaäniten, de bewenners fan dat gebiet yn dy tiid.



Fleane mei Zeppelins

Reizgje mei de bus, de trein of in fleantúch? Yn Dútslân hiest tydlik noch in oare mooglikheid. Fan it fleanfjild Essen-Mülheim en oare plakken yn Dútslân ôf wie it mooglik om 45 minuten mei te fleanen yn in zeppelin, in luchtskip. Moai no, mar goedkeap is it net: € 470,- per persoan.

! In zeppelin is in stiif, sigaarfoarmich loftskip besteande út in lichtgewicht (aluminium) skelet mei tassen fol mei in licht soart gas.



**! Dogge jim al mei oan TsjilTsjekt?
Sjoch op tsjil.omropfryslan.nl**

Tsjilste skoalle fan Fryslân

Wa't foarich skoaljier meidien hat oan Tsjil Tsjekt wit it miskien, do kinst pompys fertsjinje yn dit ynteraktive programma. Yn de lêste wike foar de simmerfakânsje hat master Sjoerd Nijdam mei syn groep 7-8 fan OBS de Schakel út Rotsterhaule dizze priis yn 'e wacht sleept. Sy ha dit jier 6800 pompys fertsjinne en in goed-skoare fan 82% behelle. Hjirmei hawwe se in 'smartgames'-pakket foar op skoalle wûn en in echte pompy-award. Fan herte lokwinske!



Dochst ek wer mei?

Docht jim klasse dit skoaljier ek (wer) mei oan Tsjil Tsjekt? Dat soe fet wêze! Der binne kommand skoaljier fiif tema's en dêrby wurde tsien ôfleveringen fan Tsjil Tsjekt makke. Ungefear ien oant twa wiken nei elke 'grutte' skoalfakânsje komt der in nij tema online en ek no binne der wer pompys te fertsjinjen. Kommend skoaljier stiet it Tsjilste skoalreisje op it spul! Dat wolle jim dochs winne?



Sjong junior Sint Radbodus út Dronryp wint SjONG junior 2024

Nei in spannende finale is de Sint Radbodus út Dronryp de winner fan SjONG junior 2024 wurden. De skoalle gie der mei de earste priis fan troch. Se wûnen mei it ferske 'Bûsjild'. De sjuery wie tige te spreken oer it optreden fan de skoalle. 'De bern fan de Sint Radbodus út Dronryp songen echt mei-inoar. Sy wienen it komplette flitsende plaatsje.'



Twadde is wurden De Twiner út Sint Jabik. Ek hjiroer wie de sjuery bot te spreken: 'It wie sa leuk om te sjen hoe't de kwaliteiten fan eltsenien brûkt waarden. En wat in knappe timing, dat je dat op sa'n leeftiid al kinne is echt oergrylik knap.' De Dr. J. Botkeskoalle út Damwâld gie mei de tredde priis nei hûs. 'Moaie bewegingen yn kombinaasje mei de tekst. Prachtige sjonggroepkes en ek noch mearstimmich sjonge, dat is tige knap', wienen de wurden fan de sjuery.

Ek dit jier wier der wer in promopriis te winnen. De skoallen moasten hjirfoar harren eigen ferske sa

goed mooglik promoatsje. In soad skoallen hawwe dêr bot har bêst op dien, mar it wie úteinlik IKC Maxima út Ljouwert dy't der mei de promopriis fan troch gie.

Lesmateriaal by SjONG

Foar masters en juffen: de ôfleveringen fan SjONG junior binne te sjen fia it YouTube-kanaal fan Tsjil en op sjong.frl. Ek is der lesmateriaal beskikber makke by de ferskes dy't yn de finale stiene. Mei dat lesmateriaal wurkest oan muzyk, Frysk, filosofy en boargerskip. Sjoch dêrfoar op www.sjong.frl.

**DOGGE JIM AL MEI OAN TSJIL TSJEKT?
Freegje fergees in koade oan, doch mei en wa
wit wurde jim de tsjilste klasse fan Fryslan!
[Tsjil.omropfryslan.nl](https://tsjil.omropfryslan.nl)**



**Wolkom by Tsjil Tsjekt! It programma werby't wy jim meinimme op
in klassikale en ynteraktive reis troch alderhande nijsgjirrige tema's.
En dat allegear presintearre troch Raynaud Ritsma, dy't foar dit
programma ek wer nei jim, de skoallen, tagiet. Tsjil Tsjekt is dermei it
meast leuke, learsume en nijsgjirrige programma foar de boppebou!**

De fatbike Keapje of net?

Hy hat in prachtich retro uterlik, sit komfortabel en kinst der ek nochris lekker mei skeure: de fatbike. Hast grif wolris ien sjoen, want de fytsen binne in trend. Mar wat is in fatbike no presys? En wat binne de foar- en neidielen? Tsjil siket it út!

Wat is it?

In fatbike is in off-road fyts. De tsjillen binne dikker as dy fan in mountainbike. De bannespanning is ek leech, wêrtroch'tst ekstra grip hast en better ride kinst troch sân, snie en modder.

Wat binne de foardielen?

Troch it brede seal en de grutte foarfoarke hast op rûch terrein ek mear stabiliteit. Omdat it frame stevich is en de bannen dik, is hy ek nochris duorsum. Mei in fatbike meist op de measte diken ride, dus ek gewoan troch de stêd. Mei in brommer kinst fansels ek lekker skeure, mar sûnt jannewaris 2023 moatst in helm op ast brommerrydst. By de fatbike hoecht dat net en dat is ien fan de redenen dat de fyts sa populêr is. Hoechst trouwens ek gjin rydbewiis te hawwen ast op in fatbike fytst. Sels ast jonger bist as sechstjin, meist op in fatbike fytsje.

Wat binne de neidielen?

De measte fatbikes binne elektrysk en meie 25 kilometer yn 'e oere ride. Dochs wurde se faak ek noch opfierd om noch sneller troch de strjitten te racen. Dat is presys wêrom't in soad minsken in hekel hawwe oan de fytsen. Hearst se net



oankommen en dêrtroch barre der in soad ûngelokken. Troch de brede bannen is it swierder traapjen as in e-bike. De fatbike is dêrtroch minder geskikt foar lange ôfstannen op asfalt. Ek it stallen fan in fatbike is lestich, de brede bannen passe meast net yn in fytserek. In oar neidiel is datst dyn spieren minder brûkst as by in gewoane fyts. Ek de priis is in grut neidiel.

Wat kostet it?

Fatbikes binne meastal djoerder as gewoane mountainbikes. Reserve-ûnderdielen en reparasjes kostje faak ek mear. In nije fatbike kostet tusken de 1000 en 3000 euro. Hast net safolle jild? Goed nijs: it skynt datst ek noch fytsen keapje kinst dêr'tst dyn eigen spierkrêft foar brûke moatst om foarút te kommen...

Dy binne in stik goedkeaper!



Fat djoer!



Nederlânsk:
Zonnebloem
Latyn:
Helianthus annuus
Ingelsk:
Sunflower

Sinneblom

Dizze Tsjil stiet yn it teken fan power. Hokker krûd of blom soe dêr no by passe kinne? Tinkend oan 'e tiid fan it jier komst al gau út op 'e sinneblom. Ast nei dy blom sjochst, sjochst in moaie grutte blomholle mei in hiel soad siedsjes. En hy kin ek hiel heech wurde; oant wol 2 oant 5 meter. It is sels bekend dat der in sinneblom fan 7,7 meter west hat. As dat gjin power is!?

In sinneblom is hiel moai om te sjen. Hy draacht, om samar te sizzen, de sinne yn him. Sinneblommen rjochtsje har altyd nei de sinne en nimme dêrby in soad sinne-energij op. Ast wolris yn Frankryk of in oar súdlik lân west hast, dan hast miskien wol fjilden fol sinneblommen sjoen. Prachtich hoe't al dy kopkes meidraaie mei de sinne. Ast nei de Latynske namme *Helianthus annuus* sjochst, begrypst wêrom't er sinneblom neamd wurdt, *Heli* betsjut sinne en *Anthos* betsjut blom.

De giele blomblêden fan de sinneblom lûke in soad ynsekten oan, lykas huningbijen, hommels, flinters, wepsen en miggen. As beleaning nimme sy nektar en stomaal mei.

Nei de bloei binne alle siedsjes (pitten) fan de sinneblom goed te iten en sún foar minsken en bisten. Hinnen fine se hearlik en de fûgels pikke graach de siedsjes út de sinneblom. Kinst sinneblompitten ek troch it slaad dwaan of sa in hantsje fol ite. Ast geregeld op sinneblompitten kôgest, helpt it om sún toskfleis en sterke toskten te krijen.

Ferneamde sinneblommen

De ferneamde skilder Vincent van Gogh (1853 -1890) skildere ek graach sinneblommen. De skilderijen binne te sjen yn it Van Gogh Museum yn Amsterdam. Op de webside fan dit museum kinst ek hiel aardige aktiviteiten foar thús of op skoalle fine.

Kinsto riede hoefolle siedsjes/pitten oft der yn in grutte sinneblom sitte? It kinne der wol trijetûzen wêze. Wat in power!



Sinneblom power!
Ut de pitten wurdt ek in oalje perst. Dizze oalje kinne wy oeral foar brûke. Benammen yn it iten. Der sitte hiel goede stoffen yn lykas fitamine A, B en E. Dat is wer goed foar ús lichem.



Lês der op los

De rap fan de lêsmar-foar-wiken

Sille jim foarlêze by de beukers? Freegje de learkrêft fan groep 1-2 om it nije Keimpe de Krokodil-boekje, mei as titel *Eigenwiis*, of oefenje alfêst de rap mei jim klasse. Fan 9 o/m 27 septimber binne it wer de lêsmar-foar-wiken.

Rap



Lês der op los

Refrein:

Lês der op los,
ik lês der op los.
De letters bin' de klos,
want ik lês der op los.
Lês der op los,
lês der op los.
Thús of yn de klas',
ja we lêze der op los!

Ey jong, maat, wat hast om hannen?
Hast ek noch wat moaie plannen?
Ja, ik sil in reus ferslaan
en dan op paad nei in fulkaan!
Bliksempiebe, dat is stoer.
Dat is nochris aventoer!
Ja, ik meitsje hiel wat mei,
't giet der soms mar mâl om weil!

Soms dan praat ik mei de bisten,
sykje ik geheime kisten,
moat ik nei spionnetraining,
bring ik brieven nei de kening.
Goh, dat fyn ik ek wol wat!
't Klinkt wol spannend, hoe dochsto dat?
O, hoechst net benaud te wêzen:
hoechst allinnich in boek te lêzen!

Refrein

Soms sykje ik nei huning mei in barchje en in bear,
soms fal ik yn in kninehol en yt ik wat ferkeards,
soms sjou ik mei in hynder en in aapke troch de strjitte,
soms klim ik yn in kraan, want dat kin ik dan net litte.

Der fljocht in beppe oer de dyk en in baron út in kanon.
Ik ha in boatsje mei myn broer en dat hjit Kameleon.
Ja, do hiest dus wol gelyk, lêze is in aardichheid!
It hat allinnich ien probleem: bist de tiid wol samar kwyt...

Se freegje wêr't ik bin, (wêr bist?)
ik sis: 'ik kom dalik,
ik sit yn in boek
en it is bjusterbaarlik.'
Se freegje wêr't ik bliuw, (wêr bliuwst?)
nim it my net kwalik:
Ik siet yn in boek
en it wie bjusterbaarlik.
(Bjusterbaarlik!)

Refrein



Mear ynfo fynst op lesmarfoar.frl

Puzelside

Dizze kear in pittige trochstreekpuzel. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinste de puzel oplosse? Skriuw dat wurd yn in e-mail en stjoer dy foar 7 oktober nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje.

Trochstreekpuzel

M	I	E	N	S	K	I	P	W	U	R	K	D	D	P	B
E	A	R	M	O	E	D	E	R	Y	I	K	E	I	A	F
F	R	E	D	E	A	F	Û	Â	N	D	O	M	V	R	E
R	M	B	G	E	P	R	N	L	N	E	N	O	E	T	I
K	E	Û	W	B	R	E	D	D	O	N	S	K	R	N	L
L	D	L	O	H	O	O	E	P	V	T	U	R	S	E	I
I	I	J	L	O	D	N	R	E	A	I	M	A	I	R	C
M	A	E	W	N	U	S	W	R	A	T	P	T	T	S	H
A	W	I	Ê	G	K	K	I	S	S	E	S	Y	E	K	H
A	I	T	Z	E	S	I	I	P	J	I	J	S	I	I	E
T	I	E	E	R	J	P	S	E	E	T	E	K	T	P	I
A	S	Û	N	G	E	L	I	K	E	N	S	E	N	S	D
K	H	N	F	E	R	A	N	T	W	U	R	D	L	I	K
S	E	D	O	E	L	E	N	Y	N	D	U	S	T	R	Y
J	I	R	J	O	C	H	T	F	E	A	R	D	I	C	H
E	D	Y	N	F	R	A	S	T	R	U	K	T	U	E	R

DEMOKRATYSK
DIVERSITEIT
DOELEN
EARMOEDE
FEILICHHEID
FERANTWURDLIK
FREDE
FREONSKIP
HONGER
IDENTITEIT

KLIMAATAKSJE
KONSUMPSJE
MEDIAWIISHEID
PARTNERSKIP
PRODUKSJE
REBÛLJE
RJOCHTFEARDICH
WOLWÊZEN
WRÂLDPERSPEKTYF

WURK
YNDUSTRY
YNFRASTRUKTUER
YNOVAASJE
ÛNDERWIIS
ÛNGELIKENSENS

De priiswinner fan de lêste puzel is: **Wiebren van der Sluis** fan It Klimmerblêd yn Sint Nyk. **Fan herte lokwinske!**
De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **draakjefleane**.

Mopkes



Der is in nije learaar yn 'e klasse. Hy wol sjen oft de bern yn harsels leauwe. Dêrom giet er foar de klasse stean en seit: 'Wa't himsels dom fynt, giet stean'. Nei inkelde minuten giet Pyt stean. De learaar freget: 'Tinkst echt datst dom bist?'. Dêr't Pyt op antwurdet: 'Nee, mar ik fyn it sa begrutlik dat jo de iennige binne dy't stiet!'



Wytske komt werom fan har earste dei op skoalle. Har mem freget: 'Wat hast allegear leard?'. Dêr't Wytske op antwurdet: 'Net genôch, want ik moat der moarn wer hinne'.



Sudoku

	7	3		1				4
			7	4		3	6	5
6	4	5		3	8	9	7	
5	3		8			1	4	
4	6							8
7	8	1				5	3	6
				8	1		9	7
	9	7		6		8	5	
		6	3	9		4	1	

BAUKE NYNKE EN BRAM

